


— it moaiste foar mem —  
Doch in boek kado!



websjop.afuk.frl

# Memmedei

Op snein 12 maaie is it wer memmedei. Lit ús op dy dei alle memmen, bonusmemmen, skoanmemmen, pleechmemmen, styfmemmen en elkenien dy't mem wurdt of as mem fielt ekstra yn it sintsje sette!

En dat dochst fansels yn de taal fan dyn hert! De Afûk Fryske boek- en kadowinkel hat in grut ferskaat oan moaie Fryske kado's yn it assortimint. Miskien is in nijsgjirrich Frysk boek wol wat foar dyn mem. Of, foar de mem mei lytse bern, in skattich foarlêsboek? Of bist dochs op syk nei wat oars?

Wy ferkeapje ek in hiel soad oare moaie kado's dêr't mem grif hiel bliid fan wurdt! Wolst it lyts

hâlde, of dyn kado ekstra moai meitsje: in leaf kaartsje of in boekelizzer foar mem docht it ek altyd goed.

Tip! Wolst wat foar mem nifelje? Sjoch dan ris op de website of Pinterest-side fan Tomke. Spesjale gedichtsjes en 'printables' foar memmedei fynst op de website fan heit&mem.

Lit har witte dat sy de alderleafste is, want dat fertsjinnest se!

Wy hawwe de moaiste memmedei-kadotips foar dy op in rychje set. Besjoch se yn ús websjop.

In moaie memmedei tawinske!



## Op útwikseling foar WikiWomen

Acht learlingen fan Havotop (Burgum) hawwe nei Baskelân west fanwege in útwikseling foar WikiWomen, in gearwurking tusken Fryske, Ierske en Baskyske organisaasjes. Doel is om lesmateriaal te ûntwikkeljen wêrby't learlingen wurkje oan harren ûndersyksfeardichheden troch it skriuwen fan Wikipedy-artikels, yn harren eigen (minderheids) taal.

Op de measte Wipedys is de ferhâlding frij bryk: fjouwer kear mear biografyen oer manlju as oer froulju. Om dy *gender gap* te tichtsjen en tagelyk Wikipedy yn de eigen taal te foljen, is WikiWomen ûntstien, dêr't in útwikseling by hearde. Fansels stiene de troch de learlingen skreaune artikels sintraal,

lykas dy oer Wyts Juwsma en Linda Terpstra. Der waarden ek nije artikels skreaun. Sa gienen de learlingen nei in tentoanstelling mei moderne keunst fan froulike Baskyske keunstners en wurken dêrnei oan nije Wikipedy-artikels oer dy keunstners.

Neist in produktive wike wie it fansels in wiere belibbing foar de learlingen, dy't weardefolle ynsjoggen opdien hawwe en op alderlei útstapkes in soad leard hawwe oer inoars taal, kultuer en gewoanten.

Yn novimber komt de groep nei Fryslân ta om it projekt ôf te sluten. It lesmateriaal sil dêrnei foar skoallen yn Fryslân beskikber wêze fia de metoade Searje 36 en [wikiwomen.eu](http://wikiwomen.eu)



Telefoan út, boek oan!

## Page Against the Machine

Sneon 25 maaie tusken 14:00 en 15:30 oere lizze lêzers yn Cities of Literature oer de hiele wrâld de telefoan oan 'e kant om in boek te lêzen. Nei it sukses fan ferline jier organisearret Ljouwert UNESCO City of Literature dat lêsbarren op 'e nij yn de Prinsetún.

Witst net watst lêze wolst? De Culturele Apotheek is der wer by foar in persoanlik lêsresept! [leeuwardacityofliterature.nl](http://leeuwardacityofliterature.nl)



Al sûnt 1981 jout de Afûk de Jentsje-boekjes út. Foar de Fryske boekjes hat Janny Vledder-van der Knoop (1925-2007) by elke yllustraasje in rymke fan fjouwer rigels makke. Dy rymkes ha der mei foar soarge dat de boekjes sa'n sukses waarden, guon bern kinne sels hiele boekjes út 'e holle opsize. Mei de seis boekjes dy't no werprinte binne, komt it totale oantal op hast 70.000 boekjes fan it lytse mantsje! [websjop.afuk.frl](http://websjop.afuk.frl)

## Oant sjen yn ús winkel

**ADRES**  
Boterhoek 3  
Ljouwert  
(058) 234 30 70

**IEPENINGSTIDEN**  
Tiisdei o/m freed  
10.00 - 17.00 oere

[yfno@afuk.frl](mailto:yfno@afuk.frl)  
[www.afuk.frl](http://www.afuk.frl)

[/stichtingafuk](https://www.instagram.com/stichtingafuk)  
[/StichtingAfuk](https://www.facebook.com/StichtingAfuk)



Foar dizze en oare boeketips, sjoch op [websjop.afuk.frl](http://websjop.afuk.frl) of scan de QR-koade.

## Boeketip 5




**1** Vrouwen van het Friese verzet  
— Gevecht op vele fronten  
Hessel de Walle  
€ 35,-

Yn de Twadde Wrâldoarloch spilen tsientallen froulju in rol yn it Fryske ferset. Ut dit boek docht bliken dat harren rol folle fierder gong as dat earder tocht waard.




**2** Klút & Mients ûntdekke eb en floed  
Laura Steigenga en Sabine Tigchelaar  
€ 15,99

Mei dit edukative printboek komme bern op in boartlike wize yn 'e kunde mei eb en floed en de bisten fan de Waadsee. Lêstip fan Keimpe!



**3** Liet fan mysels  
Lubbert Jan de Vries  
€ 17,50

Walt Whitman syn gedicht 'Song of myself' waard foar it earst publisearre yn 1885. De fernijende, frijfochten poëzy sloech yn as in bom en is foaroansteand bleaun oant no ta.



**4** It Langpaad  
Jikke Olivier  
€ 18,50

In roman oer freonskip, leafde, gemis, wantrouwen, útsluting en disharmony yn tiden fan eangst en ûnwissichheid.



**5** Fan de lytse mol, dy't witte wol wa't him op 'e kop skiten hat  
Werner Holzwarth  
€ 15,25

Doet de lytse mol syn kop boppe de grûn stuts, barde it: it wie rûn en brún, like in bytsje op in woarst en foel krekt op syn kop. Wa hie him dat flikt? De tsiende printinge!